

FRYSLAN-A EKSAMEN

16 april 2016

IV Skriuwopdracht

(60 min.)

*Sykje ien fan de ûndersteande ûnderwerpen út. De lingte fan alle opdrachten moat sa'n 300 wurden beslaan. Betink, dêr't it doel hat, in passende titel. En tink derom: wa't net oer ien fan dizze ûnderwerpen skriuwt, kriget in 3. Dat jildt ek foar wa't oer **mear** ûnderwerpen **wát** skriuwt.*

1. **In mysterieus briefke**

Jo sille de klean yn 'e waskmachine dwaan, mar jo sjogge de bûsen noch efkes nei op papieren bûsdoeken, dy't op 'e klean in soad plúskes efterlitte soene as se deryn sitten bliuwe. Mar yn stee dêrfan fine jo yn 'e bûse fan jo partner of fan ien fan jo bern in mysterieus briefke dat in soad opskuor jaan sil. Fertel jo ferhaal.

2. **Grut, grutter, grutst?**

Jo wurkje al jierren by itselde bedriuw, mar no sil der fusearre wurde. Wat binne de gefolgen?

3. **'Fan' fan ...**

Hawwe jo in idaal op it mêd fan keunst of kultuer? Lit jo gean yn jo adoraasje!

4. **De man yn 'e keuken**

Neffens in froulike saakkundige op 'e radio is de kwaliteit fan it ark dat yn 'e keukens fan de húshâldingen oanwêzich is gâns better wurden sûnt manlju folle mear efter fornús en oanrjocht aktyf binne. Wat is jo opfetting oer manlju yn 'e keuken?

5. **Jo leafste skat**

Folslein sljocht wêze mei in kat, mei in hûn of mei oare dieren. Der binne lju dy't miene dat dieren te fertrouwen binne en minsken net. Hoe steane jo dêrfoaroer?

6. **Mear plestik as fisk yn 'e oseaan**

Neffens miljeusaakkundigen sil der yn 2050 mear plestik yn 'e oseaan omsweve as dat der fisken yn swimme. Wat binne jo soargen wat it miljeu oanbelanget en wat kinne wy deroan dwaan?

7. **Komplottinken**

Soe it sa wêze dat wy ús op it mêd fan oerheid, polityk en oare domeinen lykas de ekonomy in soad wiismeitsje litte en dat der geheime krêften aktyf binne? Skriuw jo kollum.

8. **Bern, bernsbern**

Heiten en memmen en paken en beppen kinne oeren fertelle oer harren bern of bernsbern. Fansels jouwe se soargen, mar ek gelok en libbenswille. Fertel. Jo hawwe no alle oandacht!